

## Tekst 1

## Jongerein fan 'e dyk yn de kampearwein

- It is aloan yn it nijs, yn grutte stêden likegoed as op lytse doarpen: jongeren dy't op 'e dyk omhingje en foar oerlêst soargje.
- 5 **Buertbewenners kleie en doarre soms amper de mûle iepen te dwaan út eangst foar represailles. Wa't sa'n hingplak foar de doar hat, is de klos. Binne der foar de jeugd**
- 10 **genôch geskikte lokaasjes te finen dy't net foar oerlêst soargje? Sûnt ein 2001 bestiet yn Smellingerlân it saneamde Bus+ projekt. Strjithoekwurker Frank de Koster rydt mei de camper troch de**
- 15 **gemeente om groepen jongeren op te sykjen dy't op 'e dyk omhingje. De jeugd is jûns wolkom yn de kampearwein. Troch praten wurdt**
- 20 **besocht om de negative spiraal te trochbrekken.**
- (1)** Om dat oan te stjoeren komt alle moannen in saneamde netwurkgroep byinoar om ôfspraken te meitsjen oer
- 25 lokaasjes dêr't sprake is fan oerlêst fan jongeren. Dielnimmers binne de gemeente, de plysje, SVS (surveillanteprojekt), Jongerenwerk Stichting Welzijn Smellingerland en de
- 30 Kuno van Dijkstichting. Troch dat oerlis is der in folle dúdliker byld ûntstien fan hoe't it der no krekt mei sokke al of net probleemjongeren yn Smellingerlân hinne leit. Winsken fan de jongerein
- 35 wurde yn kaart brocht. Der wurdt bemiddele mei buertfertsjintwurdigers en bewenners. Koartsein, der wurde ôfspraken makke en oplossingen socht.
- 40 **(2)** Frank de Koster: "De proef fan it Bus+ projekt begûn mei in âlde, gewoane bus. Wy binne no oerstapt op in kampearwein, dêr't plak yn is foar sa'n achttjin man, mar dan kinne se
- 45 net allegear sitte. Ik bin fiif jûnen yn 'e wike ûnderweis. Ik ha in fêste rûte, mei fêste groepen yn Aldegea, De Pein en Drachten. It is belangryk om hieltyd
- 50 kontakt te hâlden mei de jongeren en it risikogedrach yntiids te sinjlearjen. Us doel is om previntyf te wurkjen, de finger oan de pols te hâlden en bern foar al te grutte problemen te
- 55 hoedzjen. It ferget in protte takt om dit wurk te dwaan. Yn it begjin koenen se my noch net en ferrûn it kontakt noch muoisum, mar ik bin hieltyd op 'e nij nei de jongeren tagongen en
- 60 stadichoan ûntstiet dan in fertrouwbân. Der komt op in stuit in iepenheid, al bliuwt dy fansels altyd wol brekber. Jongeren fine it faak net maklik om har yn de groep út te
- 65 sprekken, soms giet it ek oer grutte problemen. Guon maile my oer saken dêr't se yn de kampearwein net oer doarre te praten. Ik ha ek in webstek dêr't jongeren fan alles op fine kinne oer myn wurk."
- 70 **(3)** It falt Frank de Koster op dat bern om fêste struktueren freegje. "Folwoeksenen binne net altyd like dúdlik oer wat wol en net mei en dat wurket betizing yn de hân. Groepswurk
- 75 is altyd persoanlik wurk. Ast ien yndividu berikke kinst, berikst faak de hiele groep. Fansels, der binne altyd liederen. Guon binne hiel útdaagjend en de rest is dêr faak net tsjin opwoeksen.
- 80 Ik besykje der op myn manier stjoering oan te jaan en geduldich te bliuwen. Ik gean net op 'e knibbels en bliuw wol mysels. As dingen my net oanstean, dan sis ik dat. Soms is dat net
- 85 oangenaam, mar der binne ek wol jûnen, dan sitte se by my yn de kampearwein te damjen of dogge in spultsje mens-erger-je-niet."

- 90 **(4)** De resultaten mei it Bus+ projekt binne sa posityf dat it inisjatyf as tydlik projekt wer twa jier fuortset wurde kin. It politike draachflak is grut en de Politie Fryslân draacht by mei in finansjele stipe fan € 27.500,--. Om de
- 95 jongereinproblematyk oan te pakken is yn Smellingerlân ek in sintraal jeugdloket iepene dêr't jongeren terjochte kinne mei alderhande fragen en problemen. Dat spesjale loket is bedoeld om de strjithoekwurker te stypjen by syn wurk.
- 100

*Baukje Wytsma yn: Friesch Dagblad, F-side, 24 febrewaris 2004.*

## Tekst 2

*Understeande kollum is skreaun troch de arsjitekt Rein Hofstra.*

### Foarnaam wenje yn Fryslân

- (1) Wat is no by ús yn Fryslân foarnaam wenjen? Nei myn idee soe dat wenjen wêze dêr't jo it wêzen fan it Fryske lânskip optimaal yn belibje: it lân, it wetter, de loft en de fierten. Sá wenje dat jo dat allegear ûndergean kinne. Wenje op topnivo, soe 'k sizze, tige foarnaam.
- (2) Mar is it wol sa? Ha ik dat wol by de rjochte ein? As jo tritich makelders en oare hannelsreizgers yn huzeguod dêr nei freegje, dan giet it om hiel wat oars. Dan wurde jo om de earen slein mei gjalpen as 'alluere', 'stylfol' en folle mear fan soksoarte wurden. De wenningen hawwe eksoatyske nammen as 'Aurora' en jo hearre der foar te fallen. Faak wurdt der noch 'staete' (mei ae) oan taheakke, tige histoarysk no?
- (3) It hyt ek 'notariswenning' of 'dûmnyswenning', sadat de foarnamens fan sokke amten ek op jo ôfstrielet. Noch eefkes en der komt in 'kommissarispleats'! No, dan binne jo wol hiel, hiel foarnaam as jo dêr yn wenje kinne.
- (4) Je wurde besoademitere dêr't je by steane, mar nuver genôch fynt in grut part fan de minsken dat wol ynoarder. Se witte net oars. Se dogge net oars. Brune tempeksbalken oan it plafond en jo wenje yn de Midsieuwen. Audio en tv yn neimakke biedermeierkasten en jo wane je yn de 19<sup>e</sup> ieu. Ik wit, it is wat oerdreaun, mar dochs. Ik krige ris in man oan de doar yn in sportauto. Hy woe in hûs mei roedsjes en in reiden tek. Syn auto funksjoneel en modern, syn hûs neimakke âld. "Hoeno?" frege ik. Hy wist it net. Hoe skizofreen kinne minsken wêze? Moatte fleantugen aanst ek mei ikehout beklaid wurde?
- (5) Fryslân is prachtich, mar plat. Al dat prachtichs wurdt sichtber as jo in bytsje hichte winne kinne. Myn dream is nochris in hûs te bouwen earne op de âlde seedyk tusken Starum en Koarnwert. Smel, lyts en heech wenje mei sicht op see. It sil wol in dream bliuwe, mar foarnamer kin it neffens my net!

*Ut: Fuort, Frysk tematydskrift nr 12, juny 2005*

## Tekst 3

## Rjochtswinkels foar jongerein

- In gleske drinken, in harkjend ear en in ynformele sfear. Dêr wurde de besikers fan de berne- en jongereinrjochtswinkel foar Noard-Nederlân yn Grins mei ûntfongen. “Wy besykje de bern safolle mooglik op har gemak te stellen, sadat se har persoanlike sitewaasje goed oan ús útlizze kinne. De wrâld fan wetjouwing en justysje is al yntimidearjend genôch,” fertelt Anne Reitsma, sûnt koart foarsitter fan de noardlike rjochtswinkel.
- (1) De regearing makke ferline jier bekend de subsydzje foar jongereinrjochtswinkels ôfbouwe te wollen. Takom jier sil de subsydzje ta in tredde werombrocht wurde en dêrnei ûntfange de winkels neat mear. Hoe’t it krekt komt en oft de plannen trochgean sille, is noch net hielendal dúdlik, mar de meiwurkers fan alle jongereinrjochtswinkels yn Nederlân binne der bot fan skrokken. Om de kantoaren iepen te hâlden, hawwe sy fuortendaliks yn Den Haach petysjes oanbean.
- (2) Wylst de regearing fan miening is, dat it wurk fan de jongereinrjochtswinkels wol by de ‘gewoane’ rjochtswinkels ûnderbrocht wurde kin, tinke de meiwurkers dêr hiel oars oer. As it om bern giet, hawwe reguliere rjochtswinkels op it mêd fan persoan- en famyljerjocht te min ûnderfining, fine sy. De jongereinrjochtswinkels hawwe de kabinetsplannen oankaart by it haadkantoar fan de Feriene Naasjes yn Genève om’t se yn striid wêze soene mei it Ferdrach foar de Rjochten fan it Bern. Yn dat ferdrach stiet dat bern tagong hawwe moatte ta juridyske help dêr’t je maklik gebrûk fan meitsje kinne.
- (3) De meiwurkers fan de berne- en jongereinrjochtswinkels jouwe fergees juridysk advys oan jongerein oant achttjin jier. Op it stuit binne der alve fan sokke rjochtswinkels yn Nederlân. De earste dêrfan is yn 1985 oprjochte yn Amsterdam. Fjouwer jier letter iepene de winkel foar it noarden fan it lân yn Grins de doarren. Yn ‘e praktyk binne de measte bellers, skriuwers en besikers tusken de fjirtjin en santjin jier. Bern ûnder de tolve komme faak mei de âlders. By de rjochtswinkel yn Grins melde har alle jierren sa’n trijehûndert bern foar ynformaasje en advys. De winkel hat sa’n tweintich meiwurkers, dy’t allegearre rjochten studearje oan de Universiteit fan Grins. Sy wurkje op frijwillige basis. “Wy wurkje op syn minst fjirtjin moanne by de rjochtswinkel en krije dêr stúdzjepunten foar,” leit Letty van der Heyden út. De âld-foarsitter ferlit it kantoar nei oardel jier. “Guon fan ús bliuwe wat langer hingjen,” laket sy.
- (4) De measte fragen dy’t steld wurde, falle binnen it persoan- en famyljerjocht. Dêrûnder falle bygelyks fragen oer adopsje, alimintaasje, skieding, nammerjocht, omgongsregelingen en pleechsoarch. “Wy krije ek fragen oer saken as arbeidsrjocht en oanspraaklikens. In lytser part fan de fragen giet oer strafjocht. Bygelyks as in bern nei stellerij by de plysje komme moat,” ljochtet Van der Heyden ta.
- (5) Oer it algemien binne bern, mar ek harren âlders min op de hichte fan de rjochten dy’t bern hawwe. “It rjochtssysteme sit yngewikkeld ynelkoar en foar in protte minsken is it

- lestich dêr sûnder help ynsjoch yn te krijen,” mient Reitsma. “Sa belje der  
 90 wolris âlders fan bern dy’t betrape binne by stellerij; dy wolle dan bygelyks witte oft de bern samar troch de plysje meinaam wurde meie.”  
**(6)** Hie de berne- en  
 95 jongereinrjochtswinkel yn Noard-Nederlân in pear jier lyn noch trije besykdressen, op dit stuit is noch mar ien iepen. Yn 2000 waard it kantoar yn  
 100 Assen sletten en twa jier letter gie dat fan Ljouwert ticht. Bern út it noarden fan it lân kinne foar it sprekoere en in persoanlik gesprek mei de meiwurkers no allinne noch yn Grins terjochte. Yn  
 105 ’e beide oare stêden kamen te min bern del om de kantoaren iepen te hâlden. Hoewol’t de sifers fan it ôfrûne jier noch net ferwurke binne, is it no al dúdlik dat hieltyd mear fragen fia it ynternet steld wurde. “In fraach oer de  
 110 e-mail stelle is makliker, hoechst der net iens by te praten,” tinkt Reitsma. **(7)** Om mear bekendheid oan de berne- en jongereinwinkels en de rjochten en de plichten fan bern te  
 115 jaan, sette de studinten ûnder oaren advertinsjes yn tydskriften foar jongeren en binne sy aktyf op it ynternet. Sy jouwe ek foarljochting op skoallen foar basis- en fuortset  
 120 ûnderwiis. Underdiel fan dy foarljochting is it útlizzen fan wat in ûnrjochtmjittige died en oanspraaklikens is. Dat dogge se oan de hân fan it foarbyld fan Rikki (14) en  
 125 Evelien (13) dy’t yn ’e tún fan Rikki fuotbalje. Rikki trapet de bal by ûngelok troch in rût fan it hûs fan de buorlju. De studinten wolle no fan de bern yn ’e klasse witte oft dat in  
 130 ûnrjochtmjittige died is. Alle bern dy’t in buordsje mei it wurdsje ‘ja’ omheech hâlde, hawwe gelyk. Mar wa moat de skea no betelje? Dat is noch net sa ienfâldich. Foar bern ûnder de fjirtjin  
 135 moatte de âlders betelje. De âlders fan fjirtjin- en fyftjinjierrigen hoege allinnich te beteljen at sy skuld hawwe oan wat der bard is. Bygelyks at de heit fan Rikki sein hie, dat hy de bal mar goed  
 140 hurd yn ’e rjochting fan it hûs fan de buorlju traapje moast. Bern fan sechstjin en âlder moatte altyd sels betelje.  
**(8)** De meiwurkers fan de rjochtswinkel  
 145 hawwe in ynformearjende, advisearjende en bemiddeljende taak. Om’t de klam fan it wurk yn de regel op de earste twa leit, binne de studinten faak net op ’e hichte fan de ôfrin fan de problemen. “Wy sykje de  
 150 mooglikheden út dy’t bern hawwe en helpe bygelyks by it opstellen fan brieven. Wy geane ek wolris mei nei de rjochter of nei in oare ynstânsje om de bern te helpen,” fertelt Reitsma. Sy fynt it net slim dat sy de ôfrin fan in soad saken net wit. “Ast it gefoel  
 155 krigest datst in goed, dúdlik en folslein advys jûn hast, dan jout dat meastal foldwaning genôch.”  
 160

*Nei: Styl*

*Tekst: Martha Kuitert*

## Tekst 4

## De boer as natoerbehearder

- Echte natoer bestiet yn Fryslân amper. Alles is kultuergrûn, mar dy is der yn soarten: fan egaal griene greide oant fjilden fol rûchte, beamwâlen en dobben. In part dêrfan is behearsgrûn, soms ûnderhâlden troch natoerorganisaasjes, soms troch boeren. Dy krije fan 'e oerheid jild om de natoer op boeregrûn yn stân te hâlden.**
- (1)** Jierliks hawwe Fryske boeren en grûnbesitters goed seis miljoen euro oan subsydzjes te ferdielen foar greidfûgelbehear, guozzeskea en lânskipsûnderhâld (benammen beamwâlen yn 'e Wâlden). Yn oerflakten giet it om tweintichtûzen bunder foar de greidefûgels en fjirtjintûzen bunder foar de guozzen. Tusken Drachten en Dokkum leit sa'n trettjinhûndert kilometer oan singels en beamwâlen. Dêr binne sa'n tolvehûndert 'echte boeren' en goed trijehûndert hobbyboeren en boargers mei anneks. Der binne 'freewheelers' by dy't op âldere leeftyd net te folle mear ynvestearje wolle, mar ek jonge, entûsjaste boeren dy't har mei ynmoed foar de natoer ynsette en dêr tagelyk in takomst foar har bedriuw yn sjogge.
- (2)** Ien fan de earste inisjativen op dat mêd waard nommen yn Eastermar en omkriten, troch de Feriening Eastermars Lânsdouwe (FEL). Fokke Benedictus wie ien fan de pioniers dy't dêr yn 1992 de greidbuorkerij kombinearren mei lânskipssoarch, yn dit gefal it ûnderhâlden fan de beamwâlen. "Dêr waard doe troch boeren noch raar tsjinoan sjoen", seit de eardere foarsitter fan FEL. "Hast elkenien gie út fan in splitsing tusken natoer en kultuer. De natoer wie foar
- 45 organisaasjes as It Fryske Gea, Staatsbosbehear en Natuurmonumenten. De kultuergrûn wie fan 'e boeren, foar de produksje."
- (3)** Oeral yn 'e Wâlden mei syn lytse kavels, singels en wâlen rûn it mei dat tinken fêst. Boeren koene har net fierder ûntjaan, natoerorganisaasjes koene dy tûzenen bunders net op 'e noed nimme. Sa waard dêr it idee fan 'ferweving' útwurke, mei in fergoeding foar lânskipsûnderhâld. De Feriening Eastermars Lânsdouwe en de doe ek oprjochte Vereniging voor Agrarisch Natuur- en Landschapsbehear
- 60 Achtkarspelen (VANLA) krigen jild foar efterstallich ûnderhâld. Yn in koart skoftsje binne útwoeksen beamwâlen opkreeze troch snoeien, kapjen en nij beplantsjen. By Eastermar dogge no sa'n sechstich boeren aktyf mei, yn Achtkarspelen 194. Dy soargje derfoar dat de wâlen ticht, fris en fleurich bliuwe, as biotoop foar gâns planten en fûgels. "Hoe't dat krekt moat, is
- 70 noch wolris diskusje oer", seit VANLA-foarsitter Teake Hoeksma. LASER, de ynstelling dy't út namme fan it ryk it jild ferpartet ûnder de boeren, stelt as eask dat beammen in brede krún ha moatte. "Wy sjogge hjir dat foaral de ûnderbegroeiing foar fûgeltsjeguod belangryk is." It is ien fan de spanningsfjilden tusken lanlike noarmen en Fryske ynsichten.
- 80 **(4)** Sa'n fyftjin jier lyn hiene de measte boeren net folle op mei natoerbehear. Alderwetske boeren as Thom van der Goot fan Goattum en Hessel Bouma fan Skuzum waarden mei in skalk each besjoen.
- 85 De sfear is no freonliker. "De omslach yn tinken is om 1997 hinne kommen, by ús fiifjierrich bestean", seit Fokke

90	Benedictus. "Doe akseptearren se ek yn 'e gongbere lânbou dat natoerbehear boerewurk wêze kin."	125	in rige fan jierren wiermeitsje dat de fûgelstân op peil bliuwt. De kontrakten mei it ministearje rinne seis jier.
95	Benammen foar boeren dy't net útwreidzje kinne, binne de ekstra behearsynkomsten in stik bûter yn 'e brij. Mar neffens Hoeksma kin it net sûnder idealisme. "Wy binne wiis mei it lânskip, wy wolle it ek graach hâlde, oars soene wy it net dwaan, want it buorkjen op dy lytse kaveltsjes kostet nochal wat ekstra."	130	Guozzekoöperaasjes binne lang sa wis net fan it jild; dat wurdt alle jierren op 'e nij besjoen.
100	<b>(5)</b> Der binne no sa'n 25 behearsferienings en -koöperaasjes yn Fryslân. Guon hawwe har wer regionaal bondele: sa binne by de Noardlike Fryske Wâlden seis miljeukoöperaasjes yn fiif gemeenten oansletten. VANLA is der ien fan. Fan de Fryske ferienings en koöperaasjes binne 22 oansletten by de federaasje Boer en Natuur, dy't ek de beskiedener aktiviteiten yn Grinslân, Drinte en Flevolân bondelet. Nerus Sytma is sekretaris. "Wy behertigje de belangen fan sis mar de natoerfabriken. Natoer is ommers in produkt fan dy koöperaasjes.	135	<b>(6)</b> Om 'e fûgels tinke, guozzen net ferjeie en beammen op 'e tiid snoeie is ien ding. Sûne grûn is wat oars. Bioboeren sykje it mei har bedriuwsfiering yn it fûnemint fan alle libben, de syklus fan it siedzjen, bedongjen en rispjen. Skjin, sûnder fergif en medisinen, en gebrûk meitsjend fan de natuerlike dynamyk fan it libben. Ytsen Kooistra fan 'e Stifting Sûne Grûn: "Iten wurdt yn ús diel fan 'e wrâld genôch produsearre. Mar de kwaliteit kin folle better."
105	As der oerlein wurde moat mei deputearre Anita Andriesen of de Dienst Landschapsbehear, is it net sa handich om der allegear apart op ôf te gean. Mei-inoar stiest sterker." De belangen fan 'e oansletten ferienings rinne nochal útelkoar. By it greidfûgelbehear moatte de boeren oer	140	Fokke Benedictus: "It lânskipsbehear is fansels foar it each belangryk. Mar de grutste winst fan 'e lêste jierren sit him yn it effektiver brûken fan stikstof. It hat wol west dat der mar sa'n tweintich persint troch de grûn opnommen waard. De rest spiede út, kaam yn 'e sleat. Wy geane der no folle bewuster mei om. Kij krije ek oar fretten en dêr wurde se sûner fan. Bist dus minder kosten oan 'e feedokter kwyt." Benedictus, dy't no suver 'fakânsjeboer' is mei sa'n fyftich fleiskij, hat syn fee wol sa fuorre 'dat it hast bargaen waarden'. "Se dogge it no, mei oar fretten, gâns better."
110		145	
115		150	
120		155	

*Nei: De Boer as Natoerbehearder, Klaas Jansma*

*Ut: Natoer, Frysk Tematydskrift nr 8, juny 2004*